

de Republiek, compleet met moderne *rites of community* als de massale door pers en televisie verslagen schaats- en voetbalmanifestaties. De langs dezelfde weg gemediaaliseerde herdenking van de gewelddadige dood van Meindert Tjoelker toont evenwel ook iets van een traditioneler, burgerlijke reflex die kennelijk binnen dezelfde historische ruimte oprispt wanneer voor velen een grens is bereikt. Misschien dat inderdaad, zoals Kunst meent, op zulke momenten de oude binnenstad 'geest' heeft en vatbaar is voor mythen die ook het moderne Leeuwarden nog allure geven, al komt het me voor dat wie hierin bouwstenen zoekt voor een moderne stedelijke identiteit zich zelf schuldig maakt aan mythevorming. Gelukkig ligt de werkelijke betekenis van dit nieuwe standaardwerk, dat eindelijk Eekhoffs *Geschiedkundige beschrijving van Leeuwarden* (1846) van de troon stoot, juist in de historisch verantwoorde wijze waarop de Leeuwarder geschiedenis hier, fraai geïllustreerd en goed verzorgd, vanuit een dynamische, eigentijdse context is beschreven. Hoed af! – zou ik zeggen, indachtig de trotse heren van weleer die een dergelijke gift ongetwijfeld met heel wat meer respect zouden hebben bejegend dan de brandspuit van de Prins van Oranje.

Rob van der Laarse (Universiteit van Amsterdam)

H.L. Cox et al. [red.] (2000)

Van Dale Spreekwoordenboek: Nederlands, Fries, Afrikaans, Engels, Duits, Frans, Spaans, Latijn. (Utrecht/Antwerpen: Van Dale Lexicografie, ISBN: 90-6648-316-4, ynbûn 998 s., f 135,-).

Yn 1988 en 1992 ferskynden ûnder it haadredakteurskip fan H.L. Cox út Bonn it *Spreekwoordenboek in vier talen* en it *Spreekwoordenboek in zes talen*, moai fersoarge samlingen fan Nederlânske sprekwurden mei wjergaders út ferskate talen (Frânsk, Dútsk, Ingelsk, Spaansk, Latyn). Utgongspunt fan dy sprekwurdeboeken is de Nederlânske sprekwurdeskat. It binne Nederlânske sprekwurden dêr't wjergaders út oare talen oan tafoege binne. Men sil dus om 'e nocht om sprekwurden sykje dy't allinne yn it Ingelsk of Spaansk foarkomme. De no ferskynde tredde printinge is útwreide mei wjergaders út it Afrikaansk en Frysk. De Fryske wjergaders binne attestearre yn de 19de en 20ste ieu en oanlevere troch de folkskundige Jurjen van der Kooi út Grins. In fierdere fernijing is it opnimmen fan kultuerhistoarysk kommentaar mei âldere fynplakken, âldere farianten, mei ynformaasje oer komôf en betsjuttingsferoaring en mei literatuerferwizingen nei stúdzjes oer beskate sprekwurden. Dochs tref men dat net by alle behannele sprekwurden oan.

It boek hat 1600 artikels of yngongen. Elk artikel jout in Nederlânsk sprekwurde, al of net mei farianten, en de betsjutting dêrfan. Dêrnei is it eventuele kommentaar oan bar, folge troch in opsomming fan de frjemdtalige wjergaders. Dy 1600 artikels binne oer santjin haadtema's lykas de minske, it libben, it waarnimmen, de tiid, it boppenatuerlike, ferdield, en dy binne wer útsplitst yn subtema's. Mei dy tematyske oardering stiet it boek yn de goedhumanistyske tradysje fan de *locos communes*. Wa't om in tapaslik sprekwurde siket om syn tekst mear fersiering of argumintaasjekrêft te jaan, hat ûnder elk tema in romme kar-út. De sprekwurden kin men net allinne op tema sykje, mar ek op trefwurde. Efteryn it boek steane twa registers: in register fan Nederlânske sprekwurden, alfabetysk oardere neffens (fet printe) trefwurden, en in register fan trefwurden út de frjemdtalige sprekwurden.

In ynliding, neiwurde en literatuerlist foar fierdere stúdzje meitsje it keapsjogge boek compleet en foar de flugge keapers is der noch in aardichheidsje beskikber: in

CD-rom fan it sprekwurdeskilderij fan Brueghel út 1559, mei kultuer- en keunsthistoaryske útlis, eftergrûnmuzyk, animaasje en de mooglikheid om it skilderij yn detail te besjen, út inoar te heljen of der hoe dan ek mei om te gûcheljen.

Oan alle lofsangen komt lykwols in ein, want der is gjin ko sa bûnt, of der sit wol in swart plak op. Dit lêste sprekwurd, dat de ûnfolsleinens fan de minske ûnder wurden bringt, kin men yn it *Van Dale Spreekwoordenboek* fine ûnder it tema eigenskippen fan minsken en it subtema algemien. Dat bringt my fuort op de ûnderferdieling yn (sub)tema's. Dy hie om my wol wat finer wêze mochten. Sa ha ik om boppeneamd sprekwurd dochs wol even sykje moatten, want men ferwachtet yn dit gefal op syn minst in subtema ûnfolsleinens.

Ek op oare punten lit Cox mei syn boek sjen dat minskewurk altyd foar ferbettering fetber is. De wjergaders by de Nederlânske sprekwurden binne soms útsocht op gelikenzens fan foarm, soms op gelikenzens fan gedachte. Besteane der foarmfarianten, dan steane dy kreas per taal fermeld. Hat in taal dy foarmfariant net, dan kiest de redakteur foar in ynhâldlike fariant. Sa steane ûnder nr. 322 *Nieuwe knechten werken wel* (tema: eigenskippen fan minsken, subtema: warber-loai) it Fryske *Nije bezems feie skjîn*, it Ingelske *New brooms sweep clean*, it Dútske *Neue Knechte arbeiten wohl* en *Neue Besen kehren gut* ensafierder. Dyselde farianten steane lykwols ek ûnder nr. 1557 *Nieuwe bezems vegen schoon* (tema: tiid, subtema: nij-âld). Neffens my hie it handiger west en set by nr. 322 allinne de farianten mei feinten, by nr. 1557 allinne de farianten mei bezems en ferwiis se oer en wer.

Dêrmei kom ik op it folgjende kritykpunt. Lang net altiten – en de niis oanhelle sprekwurden binne dêr in foarbyld fan – jout de redakteur ferwizingen oer en wer. Men moat dan op it trefwurderregister te riede gean. Ek ferwiist de redakteur woltris iensiedich. Sa ferwiist nr. 614 nei nr. 1584 of nr. 570 nei 388, mar oarsom net.

By elk Nederlânsk sprekwurd steane, foarsafier't ik dat neigien ha, de tapaslike wjergaders. Ik ha mar ien útsûndering op dy regel oantrefte kind, dêr't ik wat wiidweidiger op yngean wol. It giet om it sprekwurd ûnder nr. 1256: *Eén steen kan geen mosterd malen*. Dat betsjut neffens Cox: 'Als je niet reageert op de agressieve woorden van een ander, ontstaat er ook geen ruzie.' Hy wiist dêrby op de âldere Nederlânske útdrukking *Mosterd malen* mei de betsjutting fan 'jin skerp uterje'. As wjergaders neamt er it Fryske *Ien stien allinne kin gjin moal (moster) mealle*, it Dútske *Ein Stein kann kein Mehl mahlen*, it Ingelske *It takes two to make a quarrel* en it Frânske *Il faut être deux pour se quereller*. Lit ús ris in pear wichtige boarnen neigean. Op s. 9 seit Cox: 'Opgenomen zijn, voor zover het de moderne talen betreft, alleen spreekwoorden die nog na 1850 aangetroffen werden.' It giet dus om 19de- en 20ste-iesuske boarnen. Foar it Frysk binne dat ûnder oaren W. Dykstra, *Uit Friesland's volksleven van vroeger en later* (1895-1896), *Id.*, *Friesch Woordenboek* (1900-1911), J.W. Zantema, *Frysk Wurdboek* (1984), foar it Nederlânsk ûnder oaren P.J. Harrebomée, *Spreekwoordenboek der Nederlandsche Taal* (1858-1870), F.A. Stoett, *Nederlandsche Spreekwoorden, Spreekwijzen, Uitdrukkingen en Gezegden* (1923-1925), K. ter Laan, *Nederlandse spreekwoorden, spreuken en zegswijzen* (1981¹³), it WNT en foar it Dútsk ûnder oaren K.F.W. Wander, *Deutsches Sprichwörterlexikon* (1867-1880). De fraach oft de sprekwurden yn dizze wurken histoaryske of kontemporêne sprekwurden binne, lit ik hjir bûten beskôging. Se binne hoe dan ek yn dizze 19de- en 20ste-iesuske wurken belein. Dochts moat men al betinke dat immen as Waling Dykstra by syn sprekwurdesamling foar in part te seil gien is op de Burmania-samling út 1614 en dat Zantema foar in part wer op Waling Dykstra hinget. Fierders ha ik noch sjoen yn de kartoteek fan it WFT en yn J. en W. Grimm, *Deutsches Wörterbuch* (1854-1971). Inkelde feiten op in rychje:

Zantema (1984:976): ‘Ien stien allinne kin gjin moal, moster mealle, men moet met verenigde krachten werken.’

Ter Laan (1983¹⁴:306): ‘Eén steen kan geen mosterd malen, als men niet antwoordt op driftige uitvallen van een ander, dan komt er geen twist.’

Dykstra (1896:406): ‘In stien kin allinne gjin moal mealle (...) Met vereenigde krachten moet men werken.’

Wander (1867-1880:IV,810): ‘Ein Stein kann kein Korn mahlen.’ Wander foeget dêr de Nederlânske wjergader oan ta: ‘Holl.: Een steen kan alleen geen meel malen. (Harrebomée, II, 302a).’

Harrebomée (1861:70): ‘Een steen kan alleen geen meel malen.’ As boarnen jout Harrebomée in wurkje fan A. Modderman út 1852 dêr’t dit sitaat yn stiet: ‘En daar één steen geen meel kan malen, moeten man en vrouw elkander (...) wederkeerig behulpzaam in alles zijn’ en fierders J.H. Hoeufft, *Taalkundige aanmerkingen op eenige Oud-Friesche spreekwoorden* (1812) en E. Wassenbergh, *Verhandeling over de eigenaamen der Friesen. Met ses bijlagen, daar toe betrekkelijk. En eene toelage van Friesche spreekwoorden* (1774).

Dy lêste twa ferwize nei de Burmania-samling (nr. 262): ‘Een stien ken allinne nin mool maelje.’ Jan van Vliet (ca.1660) bringt yn syn kommentaar by de Burmania-samling nei foaren dat it sprekwurd safolle betsjut as dat de iene minske de oare helpt: ‘(...) servat itidem vir virum’ (A. Feitsma, *Oude Friesche Spreeck-woorden, Franeker 1641, synoptysk mei Friesche Bywirden, Hs Gabbema. Estrikken XI* (1956), s. 139). Yn it 17de-ieusk Nederlânsk hat it sprekwurd dyselde betsjutting, WNT,IX,141: ‘De man is met de vrou gelijk twee mole-steenen (...) Want als ‘er een (...) sijn bewegen staect. Of schoon de tweede maelt, daer wordt geen bloem gemaect’ (a.1660).

Konklúzje: de fariant mei moal hat fan de 17de ieu ôf yn it Nederlânsk, Frysk en Dútsk hieltyd deselde betsjutting en dy is oars as de betsjutting fan de fariant mei moster. It is dan ek net mei rjocht dat sawol Cox et al. (2000) as Zantema (1984) beide farianten as ien en itselde sprekwurd beskôgje.

Nettsjinsteande in inkeld punt fan krytyk hawwe wy dochs te krijen mei in standertwurk dat by elke nije printinge oan no ta yn omfang en wearde tanommen is en dat, alhoewol’t it yn it foarste plak ornearre is foar brûkers dy’t niget oan it Nederlânske sprekwurd hawwe, ek foar Fryske brûkers nijsgjirrich wêze kin.

Frits van der Kuip (Fryske Akademy)